Alve-en-tritich

Finsters op de Fryske skiednis

Diel I

11 en 30



Kanon fan de Fryske skiednis

Hânboek 1 havo / vwo

7 Leaver dea as slaaf!

De Fryske frijheid 1250-1498

'Leaver dea as slaaf'
'Wy Friezen knibbelje allinnich foar God'
'Frysk en frij' (oarspronklik Frij en Frysk)
Dy siswizen komme net út de tiid fan de Fryske frijheid, mar binne folle letter optocht. Sy passe oars wol goed by de tiid fan de Fryske frijheid; in hiel opfallende perioade yn de Fryske skiednis. In tiid dy't bot ôfwykt fan it gongbere patroan yn 'e omkriten fan Fryslân. Dêr hat meast in greve de macht en bestjoert er in gebiet. De Friezen binne fan likernôch 1100 ôf sels de baas.



Leartekst

Fan it Hillige Roomske Ryk nei Fryske frijheid

Yn Finster 4 ha wy sjoen dat Karel de Grutte in ein makket oan de selsstannigens fan Fryslân. Nei syn dea falt it **Hillige Roomske Ryk** útinoar. Der ûntsteane twa riken: it West-Frankyske Ryk, dat bestiet út Frankryk en it suden fan Nederlân, en it East-Frankyske Ryk: it hjoeddeiske Dútslân en it noarden fan Nederlân. Dat diel hâldt de namme Hillige Roomske Ryk. Fryslân heart dêrby. De macht fan de opfolgers fan Karel de Grutte wurdt hieltyd minder, ek al troch de ynfallen fan de Noarmannen. Keizer Hendrik IV draacht yn 1088 it Fryske diel fan syn gebiet oer oan de biskop fan Utert. Dat is tsjin it sin fan de **greve** fan Mid-Fryslân, Egbert, dy't hjir út namme fan de keizer regearret. Syn broer en opfolger, Hendrik fan Northeim (bynamme: de Fette), wol ek de baas bliuwe. Mar de Friezen hawwe harren nocht fan de frjemde oerhearsking. Yn 1101 wurdt Hendrik fan Northeim troch de Friezen fermoarde. Dêrmei set de Fryske frijheid útein. De Friezen bestjoere sels har gebiet, ek al meitsje de biskop fan Utert, de keizer en de Hollânske greven der noch altyd oanspraak op.

Penning fan Egbert I, slein yn Boalsert

Keizer Hendrik IV knibbelet foar Mathilda fan Toscane, paus Gregorius VII sjocht ta. Miniatuer út de 12de ieu

Greven en haadlingen

Yn 'e lannen om Fryslân hinne komme, troch it **lienstelsel**, greven oan 'e macht. Yn it lienstelsel liene greven grûn fan de kening of keizer. Yn ruil dêrfoar helpe sy him by de ferdigening. Greven gedrage har nei ferrin fan tiid as eigeners fan de grûn dy't se yn lien hawwe, en as eigen baas yn har gebiet. Yn Fryslân hawwe de greven net folle macht krigen. Hjir binne it de **haadlingen** dy't it foar it sizzen hawwe. Haadlingen binne eins boeren mei in protte grûn en mei in soad oansjen, want macht is yn dy tiid altyd keppele oan grûnbesit. Sy sprekke rjocht en bestjoere harren gebiet. Ek hawwe se lytse legerkes en wenje se meast yn stiennen huzen: **stinzen**. Guon haadlingen binne fan **adel**, mar de measten net.



Ienfâldige stins: rekonstruksje fan de stinswier fan Sweins

De stins fan Langwar, sa't Stellingwerf him tekene

Lângemeenten

De haadlingen wurkje mei-inoar gear. Sa komme der in soarte fan **korporaasjes**, **lângemeenten** neamd. Dat ferskynsel docht him foar yn it hiele Fryske gebiet, fan de Sudersee oant de Wezer. Yn it gebiet dat wy no Fryslân neame, binne der earst twa lângemeenten: Eastergoa en Westergoa. Dêr komt in tredde by: Sânwâlden. Fan it grutte Eastergoa splitse har noch inkele lytsere lângemeenten ôf. Nei 1300 komt der oan de súdlike râne fan Fryslân noch in lângemeente by: de Stellingwerven. Dat gebiet heart by Drinte en Oerisel. Yn de 14de ieu meitsje de Stellingwerven har dêr los fan; se sykje as frije Stellingwervers oansluting by de frije Friezen. De net-Frysktalige Stellingwervers wurde dêrnei ek sjoen as 'frije Friezen'.

It bûn fan de Opstalbeam

De Fryske lângemeenten wurkje gear mei de lângemeenten yn de (hjoeddeistige) provinsje Grinslân en it noarden fan

Sa leit it monumint foar de Opstalbeam der no by, op 3 km fan it sintrum fan Aurich, Dútslân.

Dútslân. It is net in echt bûn, mar yn tiid fan need steane de leden inoar by. Ek is der alle jierren op de tiisdei nei Pinkster in gearkomste fan de fertsjintwurdigers fan de Fryske lannen by de **Opstalbeam**. Dat is in heuveltsje yn de omkriten fan

His Signis Vota sua reddit Frisia tota, Cui cum prole pia sit clemens virgo Maria. Mei dat teken jout hiel Fryslân syn gelofte ôf, dat de leaffrouwe dêr oer wake mei.

it East-Fryske Aurich. Se beprate dêr saken oer it rjocht en de ferdigening fan harren lannen. Dy gearkomsten fine plak yn de 13de en it begjin fan de 14de ieu, oant 1327. Om't se it te faak net iens binne, falt it bûn útinoar. Mar ek al komme

Munt fan de Fryske frijheid. ± 1350 slein troch muntmaster Jacobus

se net mear byinoar, dochs krije de Friezen help fan de oare lângemeenten by de slach by Warns.

Slach by Warns

Yn 'e 13de ieu hawwe de greven fan Hollân harren gesach en gebiet útwreide oant de Sudersee. West-Fryslân is troch Floris V ferovere. Syn opfolgers rjochtsje de eagen wer op it lân oan 'e oare kant fan de Sudersee: Fryslân. Op 26 septimber 1345 stekt in grutte float, ûnder lieding fan greve Willem fan Henegouwen en syn omke, hartoch Jan fan Beaumont, de Sudersee oer nei Starum. It doel is om it kleaster fan Sint Odulphus te feroarjen yn in fort. Dêrútwei kin Fryslân ferovere wurde. Dêrom is der in protte boumateriaal op de skippen, mar hawwe de ridders, yn harnas, har hynders thúslitten. Omke Jan komt goed oan by it kleaster, mar mei greve Willem en syn leger giet it mis. Sy hawwe it ferlitten Laaksum en Warns al yn 'e brân stutsen, as ynienen allegearre boeren en fiskers har ticht by Starum oerfalle. Nei dy stêd is de wei ôfsluten en nei Laaksum ek. En it is dochs al sa lestich om yn sa'n harnas te bewegen. Se nimme de ferkearde wei, ferdwale en komme telâne yn 'e moerassen by it Reaklif. In soad soldaten en greve Willem komme om. De mannen fan omke Jan hearre hoe't it har fergien is en flechtsje. It slagget in lyts ploechje om de Sudersee wer oer te stekken nei it feilige Hollân.

Skier en Fet

Sûnder in sterk **sintraal gesach** is de kâns grut dat der ûnderlinge striid komt. En striid komt der yn Fryslân, tusken twa partijen: de **Skieringers** en de **Fetkeapers**. Dy striid is op syn slimst tusken 1439 en 1467. De Skieringers hawwe foaral oanhingers yn it westen fan Fryslân en ûnder de sistersiënzers. Se fjochtsje foar de belangen fan de lânadel en de Fryske frijheid. De Fetkeapers sitte foaral yn Eastergoa en hawwe nochal wat oanhing ûnder de premonstratinzers. Dy wurde Fetweiders neamd, nei it hâlden fan kij foar it

fleis. Sy kieze foar de stêd Grins. Dy stêd hat benammen belang by rêst foar de hannel.
Hoe't it komt dat Fryslân der sa min foar stiet, is net dúdlik. It kin it gefolch wêze fan de striid tusken haadlingen, dy't mear macht ha wolle yn in grutter gebiet. It kin ek te krijen hawwe mei de rivaliteit tusken de beide grutte kleasteroarders: de sistersiënzers en de premonstratinzers.

Ien fan de Skieringers, Wiebe Sjoerds van Grovestins, bynamme Scherne Wybe. Hy kaam om by de belegering fan syn burcht yn 1482. It doarpshûs yn Ingelum is nei him ferneamd. Skilderij Frysk Museum

Der wurdt sels wol tocht dat it in striid is tusken it gewoane folk en de hearen. Ut en troch flammet de striid heech op. Stêd en plattelân dogge mei. Yn it lêste part fan de 15de ieu bekomt it wat. Mar dan is it al te let. As twa hûnen fjochtsje... Yn 1498 stjoert de keizer hartoch Albrecht fan Saksen nei Fryslân. Hy krijt hjir de macht en dêrmei is it dien mei de **Fryske frijheid**.

Boarne 1

Frisia Magna

Der wurdt faak praat oer de sân Fryske seelannen dy't mei-inoar Frisia Magna (Grut-Fryslân) foarme hawwe. De sân seelannen komme foar yn de Fryske flagge, yn de foarm fan de sân pompeblêden en de sân blauwe en wite banen.
It is mar de fraach oft it echt sân west hawwe. En der binne mear yndielings om dy sân Fryske lannen oan te jaan. Ien yndieling is: West-Fryslân, Westergoa en Eastergoa, Hunsingoa en Fivelingoa, East-Fryslân en in part fan it kustgebiet fan Sleeswyk-Holstein.

Wurden en begripen

Adel minsken mei bepaalde foarrjochten; sy ha in erflike titel, lykas greve of hartoch. Se besitte in protte grûn en wenje yn kastielen, dêrútwei bestjoere se it gebiet.

Fetkeapers ien fan de partijen yn de 14de en 15de ieu. Komme foaral foar yn Eastergoa en ûnder de premonstratinzers (sjoch ek Skieringers).

Fryske frijheid perioade yn de Fryske skiednis dêr't de Friezen eigen baas yn binne; fan de 12de ieu oant 1498.

Greve in man fan adel (sjoch by adel).

Haadlingen net adellike, machtige boeren mei in protte grûn, dy't de baas binne yn har gebiet en dêr de wetten tapasse en rjochtsprekke. Se wenje yn stinzen.

Hillige Roomske Ryk it eastlik diel fan it Frankyske Ryk, ûntstien yn 843. It wurdt sjoen as opfolger fan it Romeinske Ryk (dêrom Roomske), en as ferlingstik fan de katolike Tsjerke (dêrom Hillige).

Korporaasje mei-inoar gearwurkjende grûnbesitters.

Lângemeente in grutter gebiet, dêr't grûnbesitters of haadlingen mei-inoar gearwurkje.

Lienstelsel yn dit systeem jout de hear grutte stikken grûn yn lien oan syn lienmannen, yn ruil foar trou en stipe.

Opstalbeam it plak fan gearkomst fan fertsjintwurdigers út alle Fryske lannen. It is in ferheging yn it lân by it Dútske plak Aurich.

Sintraal gesach bestjoer út ien plak wei; oeral yn it gebiet jilde deselde wetten en belestings (ek: sintraal bestjoer).

Skieringers ien fan de partijen yn de 14de en 15de ieu. Komme foaral foar yn Westergoa en ûnder de sistersiënzers (sjoch ek Fetkeapers).

Stinzen ynearsten in stiennen wachttoer. Dêr wurdt in houten, letter stiennen hûs by boud, lykas in boarch (yn Grinslân: borg).

Undersyk

Is de Nederlânske yndieling fan de skiednis fan tapassing op Fryslân?

De yndieling fan de tiidrekken yn de kanon fan de skiednis fan Nederlân, fan de prehistoarje oant 1500, sjocht der sa út:

Prehistoarje	
10.000-3000 foar Kristus	Tiid fan jagers en boeren
Aldheid	
3000 foar Kristus-500	Tiid fan Griken en Romeinen
Midsieuwen	
500-1000	Tiid fan muontsen en ridders
1000-1500	Tiid fan stêden en steaten

By de behanneling fan de Finsters út de Kanon fan de skiednis fan Fryslân is dyselde yndieling folge. Foar de earste twa tiidrekken is dat gjin inkeld probleem. Jagers, samlers en boeren komme hjir yn de prehistoarje ek foar. En de Romeinen meie dan net noardlik fan de Ryn de baas west ha, grutte ynfloed ha se wol hân. Yn Finster 6 oer de kleasters stiet yn in kader, dat de tiid fan 500 oant 1000, de tiid fan muontsen en ridders, foar Fryslân net doocht. It earste kleaster wurdt pas yn 1163 boud.

Mar der binne mear ferskillen. Dêrom kinne je derfoar kieze om foar de skiednis fan Fryslân in oare yndieling te meitsjen. Dy kin der dan sa útsjen:

Prehistoarje	
10.000-3000 foar Kristus	Tiid fan jagers en boeren
Aldheid	
3000 foar Kristus-400	Tiid fan Griken en Romeinen
Midsieuwen	
400-750	Tiid fan it Fryske keninkryk
750-1250	Tiid fan muontsen, ridders en greven
1250-1500	Tiid fan de Fryske frijheid